



Ljouwert 20 09 2022

Bêste minsken,

Yn ús berjocht fan 14 july kundigen wy it plan oan foar in lunchlêzing oer lânskip yn Tresoar. Obe Postma wy de dichter fan it Fryske lânskip en wat kin syn wurk hjoed noch betsjutte no't der safolle op Fryslân ôfkomt? Dizze dichter kin inspirator wêze by it ûntwikkeljen fan in fisy op it lânskip.

It docht ús goed dat wy jimme no útnûgje kinne foar dizze lêzing dy't 20 oktober holden wurdt yn de Gysbert Japicxseal yn Tresoar.

Sprekker is Eddy Wymenga, as adviseur by tal fan projekten yn Fryslân belutsen . Dêr oan foarôfgeand sil Jantien de Boer in passend gedicht fan Obe foardrage en sil foarsitter Lútsen Kooistra koart yngean op de fraach wêrom it OPS foar dizze aktiviteit keazen hat.

De lêzing begjint om 12.30 oere. Ynrin fanôf 12.00 oere. Tagong is gratis. Wa't in broadsje wol moat dat fan tefoaren oanjaan by Tresoar (info@tresoar.nl of 058 – 789 07 89).

Fanôf 13.45 is der in neipetear mei bydragen fan Wiebe Douma, directeur Landschapsbeheer Friesland en historicus Bert Looper.

Rimmer Mulder,

Sekretaris